

Sjoerd Spanninga: „Kymgong” „Mar de bêste gedichten wurde ornaris op in deakiste skreaun”

Sjoerd Spanninga: „Kymgong”; nû 103 fan Fryske Bibleteek; útj. N. Miedema en Co, Ljouwert; 83 siden; priis f 4,50

SJOERD SPANNINGA is ien fan de inkelde dichters pur sang, dy't Fryslân hat. Hy dichtet, omt er dichtsje moat, hokker wrakseling it dichtsjen faek ek foar him bitsjut. Hy is grif de produktivste ûnder de hjoeddeiske Fryske dichters. As der ien ûnder har is, dy't noch hwat fan de bohémien yn him hat, is hy it. Hy is in „poète un peu maudit”. Hy giet syn eigen (kym)gong. Spítich, dat syn nije bondel poëzij „Kymgong” sa prozaysk útjown is-as wie it de katalogus foar in bollekeuring. Trije en tachtich fersen binne foar de stok wei oploege op tachtich siden. Dr. Lolle Nauta woe yn syn bisprek yn „De Tsjerne” oan dizze bondel de priis foar de meast únsjogge Fryske, literaire útjefte takenne. Men soe better hinnegean kinne en jow oan dizze bondel de priis foar de meast ekonomyske útjefte; gjin kromke romte is ûnbinut bleaun: Nea waerd sa folle poëzij op sa'n bytsje romte gear troppe.

DE Fryske Bibleteek hat hwat ûnge-lokkich west mei de uterlike forsoarging fan dizze útjefte. Lokkigernôch kin Sjoerd Spanninga syn wurk sa'n jammerdearlike útjefte forneare. Dat wurk hat gjin forlet fan typografyske fratsen, lyk as safolle wurk fan moderne dichters. Syn fersen hoege gjin krêft to ûntlienen oan greate wite flakken, dêr't se yn to pronk set wurde. Dy fersen steane earlik foar harsels, neaken en bleat, yn al har krêft en swakte.

Dizze „Kymgong” is in foech omnibus fan Spanninga syn wurk. Alle fasetten fan syn dichterskip komt men yn dizze bondel tsjin. Hy lit de sterke kanten derfan sjen, mar leit ek de swakke stêen deryn bleat. Der hie mear seleksje tapast wurde moatten; ryp en grien is hjir mar gearfandele, sa kin ornearre wurde. De bondel hie dan helte sterker wurden. Dizze bondel hat lykwols de fortsjinste, dat hja in moai folslein byld fan de dichter en syn oeuvre jowt.

Njonken earder wurk kin „Kymgong” net in fornijing en noch minder in forrassing neamd wurde. Heechstens in fordjipping fan Spanninga syn dichterskip. De aksinten, dy't yn syn wurk al hie, springe der yn „Kymgong” dúdliker út. Binammen de mystike kant fan Spanninga syn dichterskip komt hjir mear nei foaren. Der is in opstigen, sjongend as in ljurk, de natûr, de kosmos yn.

Mar ek in stil wurden yn meditaesje en skôging, yn de ynderlikste betaren mei himsels en mei God. In sykjen nei in harmonije tusken ynderlik wêzen en de geast, dy't alles omfiemet. In sykjen nei rêst foar in koart, tobrutsen minskebistean yn de stream fan de ivichheit. Yn dizze mystyk kriget syn poëzije hwat fan it passive, easterske, dreamerige, fan in Japanske of Sjineeske print. Hwat fan de earsterske resignaasje yn de ivige sirkelgong fan libben en dea.

Dat komt dúdlik ta utering yn in fers as „Wajangspul”:

*It libben skimet jin foarby
soms sjongt syn sihouet
op't wajangskerm in amerij
de leafde fan in hert
mar slacht de dea de swiere gong
dan swije man en frou
it wetter wurdt in wite sprong
sa fan de rotsen ou.*

Hast noch sterker spylje dy easterske motiven troch yn in fers as „Episoade”.

*Neat hat op terde
foar ivich bistân—
in stille drôvenis
lûkt oer de dingen
de geur fan dyn hier
rûkt út de sringen
de tros yn myn hân
hinget swier.*

Dizze easterske skearing op it weef-

tou fan syn dichtwurk hat lykwols yn westerke ynslach. De dichter is ek de rebel, de soasiale kritikus, dy't net bêste wol yn ûnrjocht, leffens en farizeïsme. Hy is ek de pessimistyske, westerse minske, dy't wraksel mei de moderne kultuer en technyk en mei in kristlik sûndebisef.

Syn fersen binnen sketsen — fan de natûr om him hinne, fan petearen mei himsels, mei de neiste, mei hielal en ivichheit, mei God. Syn fersen hâlde ek altiten hwat sketsmjittichs. Se lykje nea hielendal ôf. Se komme net rjocht en konkreet op jin ôf, se geane oan jin foarby. Se hâlde hwat flechtichs.

Sjoerd Spanninga giet yn it foarste plak mei syn dichterlik sketsboek de natûr yn. Hy for-ynderlikt de stimmingen fan de natûr, ynterpreteart se werom ta bylden fan it tinken en fielen en de libbensgong fan de minske. Yn dy sketsen fan de natûr keare hieltyd deselde eleminten werom: it wetter, it skip, it reid, de haven, de fûgel. De dingen fan de natûr krije derby faek minsklike funksjes: „Lâns de kaei waggelt it wetter”, „de nacht draecht de lampe”; de moarntiid lit fûgels „sjongend út 'e hannen waeije”; „de wyn helle even it ribbelizer oer it wetter”; „hjr en der swabbert noch in feart troch it lân”; „hjr en der in wylgebeam lâns de wei, âldman mei takkebosken”. Mar dizze natûrbiskriuwings binne altiten mear as dat allinne. Hja ha in mystike, dûbelde boaijem. Op de eftergroun nûndert altiten de minsklike siele. En de natûrbiskriuwings giet ûngemurken oer yn meditaesje oer libben en dea, tiid en ivichheit.

Mar de dichter flechtet net oanienwei yn natûr en yn meditaesje. Soms giet er samar midden op'e buorren stean en seit dit naesje it oardiel oan. Hy kin dat kâldwei dwaen, op de toan fan de doarpsrabberij, fan it praet-oer-de-hage: „De wilige apels”, „Aldfeinten”, „Aldfammen” en „Bisite”. Hy lekket de moderne tiid: „Ja, skielk wurdt men noch berne, mei in ynboude radio. wol er ha, halleluja” („Lyts lofliet”). En fjouwer koarte rigels kin er de kearn fan minsklike skynhilligens oproppe:

*Elk staphorst hat fan erotyk forlet
Lykwols-gjin pear kin sûnder deugd en
us Leavenhear dy sjocht in bulle troch
de fingers
mar i-ah. dat docht men as fatsoenlik
minske net. . . .*

„Hwat in gelok, dat wy ús allegear, deselde rossige hûd, rosse moatte hjir op ierde, al is de iene faek hwat mear, mei pûkels forsierd, as de oare, en dus in tikje greatsker, yn 't bisef, fan syn

forwurvenheden”, dichtet er yn: „De plussen en de minnen”. En op in oar plak seit er: „hwant is men bakjeman of boargemaster, in ider hat in skuor yn 't alabaster”. Soms wurdt er bitter en skerp. Yn „Spoetnik en konsorten”, seit er:

*Alpha bêta gamma
de bline helpt de lamme
aenst fljocht it hiele alfabet
mei ús omheech as in raket
dan is 't de kwestje fan in tel
de himel wurdt ek ta in hel
en men hat dêr deselde keet
as hjir by ús op de planeet.*

Soms bloeit der mids syn wurk in blom op fan waerme en teare lyryk. Mar de leafste hâldt in skimich bistean. Hja bliuwt op in ôfstân, is net to binarderjen.

Der is ek de selsskôging, de meditaesje oer eigen bistean en doel. Soms is der de selsspot, de ûnbermhertige selanalyse: „as ik mysels ûntdiek, in skiere doarmer, yn 'e mist”. Of:

*De brekker en de bouwer
binne beide yn my oan it wurk
en hwat in rommel komt jin nou
tomjitte*


J. NOORDMANS.

*ik ha nea witten
dat ik sa fol stof en smoargens siet
....
it waerd wol saek
en helje alles del
de muorren fan stjonkende stiennen
om wer fan njs oan to bigjinnen —
sa'n rottetleaster
hat inkeld noch wearde foar de braek.*

Yn syn meditaesje kin de dichter soms ek dizzenich wurde, binammen, hwanear't er bidarret by in soarte Algeast, dy't alles omfiemet en bisielet. Tsjin de tsjerke as ynstitút oer stiet er tige kritysk; hy stroffelt dêr oer skynhilligens en farizeïsme. Soms liket it, oft er frede en rêst fine sil yn in soarte dizzenich pantheïsme. Mar dan komt it samar ta in persoanlik petear mei God. Dan komt er ek ta de echte oerjefte:

*Jo ha my as in klaed toskuord
hwert elk syn foet op set
God kom mar op myn wêzen oan
en rin mar oer myn hert
de rotsoai dy't der ûnder leit
moatt' Jo mar net nei sjen
foar minsken doocht miskien it wurd
mar nimme Jo it bern.*

Spanninga wraksel mear mei de yn-hâld fan syn fersen as mei de uterlike foarmjowings. Soms folget hy de tradisionele rym- en ritme-skema's. Dan nimt er wer de frije fers-foarm kar — krekt sa 't it him útkomt. Hoe prozaysk it ek heart, it is mei syn fersen sa: hoe koarter, hoe better. Syn fersen wurde ek minder oertsjûgjend as hja har forlieze yn in soarte fan kosmysk fielen. Hja wurde it sterkst as men der in wjerlûd yn heart fan Jona by Nineviah, Jakob wrakseljende by Pniël en Job op de rûchskerne.



SJOERD SPANNINGA